



# gemeente BOARNSTERHIM

Nr. 6.

De gemeenteried fan Boarnsterhim;

hat lêzen it útstel fan boargemaster en wethâlders fan 13 maart 1998;

omtinken jaande oan kêst 147 lid 1 fan 'e Gemeentewet;

omtinken jaande oan kêst 2:9 lid 1 fan 'e Algemene wet bestuursrecht;

## **B E S L U T :**

om de neikommende oardering oer it brûken fan 'e Fryske taal yn it skriftlik ferkear by de gemeente Boarnsterhim fêst te stellen.

### Definysjes.

#### **Kêst 1.**

Yn dizze oardering wurdt ferstien ûnder:

- dûbeltaligens: it tagelyk brûken fan de Nederlânske en de Fryske taal;
- twataligens: kar foar de Nederlânske of de Fryske taal;
- bestjoersorganen: gemeenteried, it kolleezje fan boargemaster en wethâlders en de boargemaster.

### Berik fan 'e oardering.

#### **Kêst 2.**

Dizze oardering regelt it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken fan 'e gemeente Boarnsterhim.

### Rjocht fan taalkar.

#### **Kêst 3.**

De bestjoersorganen hawwe it rjocht om te kiezen foar it brûken fan 'e Fryske taal, foar safier't dat rjocht net beheind wurdt troch wetlike bepalings.

### Taalkar.

#### **Kêst 4.**

De bestjoersorganen kieze foar it begjinsel fan twataligens.



Kritearia taalkar.

**Kêst 5.**

By de taalkar wurdt yn alle gefallen rekken hâlden mei:

1. de taalkritearia sa't dy dellein binne yn kêst 2:10 fan 'e Algemene wet bestuursrecht;
2. it belang om deselde taal te brûken as dêr't it bestjoersorgaan yn oanskreaun is (folgjend taalbelied);
3. de kontinuïteit fan 'e taalkar;
4. de bestimming fan 'e dokuminten;
5. de konsiderâns fan ôfdieling 2.2 fan 'e Algemene wet bestuursrecht: "groter gewicht toe te kennen aan de beginselen van gelijke behandeling en gelijkwaardigheid van de Friese taal in de provincie Friesland."

Oersettingsregeling.

**Kêst 6.**

1. Is in dokumint yn 'e Fryske taal steld, dan jout it bestjoersorgaan op fersyk in tsjin fergoeding Nederlânske oersetting, mei yn acht nimmen fan wat steld is yn kêst 2:11 Algemene wet bestuursrecht.
2. Foar in oersetting as bedoeld yn it earste lid, wurdt in fergoeding frege.
3. It bedrach fan de fergoeding wurdt berekkene op grûn fan bepalings út 'e leezjesoarding, mar mei net mear wêze as de kosten.
4. In oersetting as bedoeld yn it earste lid, wurdt fergees jûn as it giet om:
  - a. de notulen fan de gearkomste fan in fertsjinwurdigjend orgaan, en it belang fan de fersiker streekrjocht belutsen is by wat notulearre is, of as yn dy notulen algemien ferbinende foarskriften of beliedsregels fêststeld binne.
  - b. in beslút of oare hanneling wêrby de fersiker belanghawwende is.

Slotbepalings.

**Kêst 7.**

1. Dizze oardering giet yn op 1 april 1998.
2. Dizze oardering kin oanhelle wurde as "Oardering Frysk yn it skriftlik ferkear".

Grou, 24 maart 1998.

De ried boppeneamd,  
de loko-siktaris,

de foarsitter,

C.I. Koffeman

Y. Dijkstra